



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. De hiele famylje is doopt yn de Jordaen en begjint ‘in nij libben’. Dat makket dat se Jezus folgje op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan pake, harren grutte broer Daniël en oaren oer Jezus. De ôfrûne wike hat de famylje yn Jeruzalem west om dêr mei-inoar Pesach te fieren. It begûn sa moai doe’t Jezus op in ezel Jeruzalem ynried. Elkenien rôp: “Hjir komt de kening.” Der waard dûnse en mei palmtûken swaaid. Mar dat wie ‘it nije libben’ net! Sara en Simon krije fan ien fan de learlingen fan Jezus te hearren dat it nije libben deroan stiet te kommen. Mar hoe’t dat krekt wêze sil, wit noch gjinien.

33. De oare learlingen sjogge Jezus ek Lukas 24,33a-49

“Ik bin klear!” rôp Daniël. “De kamielen ha genôch drinken hân. Sille we dan mar?”
It bleau stil...

“Is der wat?” frege Daniël. Hy seach nei Sara en Simon. “Jim reizgje dochs mei my?
Heit skodholle en gie op in grutte stien sitten. Mem kaam der ek by te stean en flústere:
“Jezus libbet, Daniël!”

“Hoe kin dat no?” rôp Daniël.

Heit suchte, brocht de hân nei de foarholle en sei: “Hjir wiene krekt twa learlingen fan Jezus. Ien fan harren, Kleöpas, fertelde dat se justerjûn Jezus op besite hiene.”

Sara en Simon knikten: “En se hawwe it oeral al rûnferteld.”

“Dêr wol ik mear fan witte,” sei Daniël. “Ik gean nei de poarte. Wa wol mei?”

“Ik,” rôp Simon. “En ik,” rôp Sara.

It wie drok yn de poarte. Kleöpas stie yn ‘e midden en sei: “Wy ha Jezus sjoen! Hy hat mei ús it brea brutsen! Krekt sa’t Er altyd die. En wy net allinne, de oare learlingen hawwe Him ek sjoen! Harkje, dan sil ik jim harren ferhaal ek fertelle.”

De learlingen fan Jezus sieten yn in rûnte te praten.

Petrus sei: "Ik wit dat Jezus libbet, want ik ha Him sels sjoen. Mar ik hie it my allegear wol oars foarsteld."

"Ik ek!" sei Andreäs.

"Hawwe wy Jezus dan wol goed begrepen?" frege Jakobus. Hy skode wat nei foaren, seach de rûnte bylâns en sei: "Kinne wy sizze wa't Jezus foar ús is?"

"Ik wit noch hiel goed dat Jezus my frege om mei te gean," sei Andreäs. "Doe haw ik Him folge."

De oare learlingen knikten. Se wiene it iens mei wat Andreäs sei.

Doe't Jakobus begjinne soe te fertellen oer wa't Jezus foar him wie, kaam der immen tusken harren ynstean dy't sei: "Frede foar jim!"

De learlingen skrokken! Seagen se it wol goed? Wie dat Jezus? Wêr kaam Er sa hurd wei? Net ien hie Him oankommen sjoen.

"Wêrom skrikke jim?" frege Er. "Ik bin it ommers, Jezus!"

Ja, dat seagen se wol. Mar alles wie sa oars as dat se it har foarstelden. No ek wer.

Ynienen stie Jezus tusken harren yn. Se koene it hast net leauwe.

"Reitsje my mar oan," sei Jezus, "dan kinne jim fiele dat ik it bin."

De learlingen seagen nei syn hannen, nei syn fuotten... Dit *wie* Jezus! Dit wie harren Master ommers. Se woene it wol útrokke fan blidens. Dochs holden se har yn.

Leauden se it wol echt?

Dêrom frege Jezus: "Hawwe jim hjir ek wat te iten?"

"Jawis wol, wy ha krekt fisk bret," sei Andreäs. Hy pakte in waarme fisk fan it roaster en joech dy oan Jezus.

Alles like sa gewoan. Se ieten wer mei-inoar. Jezus siet yn 'e midden. Hy liet syn eagen de rûnte lâns gean en sei: "Ik bin by jim kommen om te fertellen dat it no net mear om my giet. It giet no om jim! It duorret net lang mear, dan brekt der in nije tiid oan.

Fertel de minsken dy't it hearre wolle, wat jim fan my leard ha. Fertel se dat ik de Soan fan God bin. Hy is myn Heit!"

Doe waard it stil... Jezus seach syn learlingen ien foar ien oan.

As de stilte sprekke koe, soe dy sizze: "Toe mar, fertel mar wa't ik foar dy bin!"